

Zaaknummer: 2026-153025

Antwurd fan Boargemaster en wethâlders op skriftlike fragen als bedoeld yn artikel 42, earste kêst, fan it Reglement van foar de gearkomsten fan de Rie fan gemeente Leeuwarden, yntsjinne op 9 juni 2026. De fragen binnen steld troch de FNP en gean oer "beheinde iepenstelling swimbad Stiens by waarm waar".

Vragen

1. Is it kolleezje op de hichte fan de beheinde iepeningstiden fan it bûtenbad troch persoanelstekoart?
2. Begrypt it kolleezje it ûnbegryp en de soarch fan it Pleatslik Belang Stiens en ferskate ynwenners oer it ticht wêzen fan it bûtenbad yn dizze waarme perioade? En sa ja, sjocht it kolleezje ek oanlieding om hjir mooglike oplossings foar te betinken?
3. Kin it kolleezje fertelle of en sa ja, hoe faak it ús swimbaden beheind iepen wiene troch personeelstekoart?
4. Binne der ôfspraken tusken de gemeente en bv SPORT om yn soartgelikense situaasjes te soargjen dat it bûtenbad wol iepen kin op

Antwoorden

Ja, it kolleezje is bekend mei de iepeningstiden. Dy binne neffens de ôfspraken iepeningstiden. Yn maaie is der sprake fan in stadige opstart fan it bûtenseizoen. Dêrnei wurde de iepeningstiden fan it bûtenbad fan 1 juny oant de simmerfakânsje fierder ferromme, lykas oare jierren. Yn 'e simmerfakânsje is it bûtenbad alle dagen iepen.

Ja, allinnich wie der yn de troch jo neamde perioade sprake fan reguliere iepeningstiden. By útsûnderlik waarme waarsomstannichheden wurdt wêr mooglik sjoen nei oanfoljende iepenstelling of ferromming fan iepeningstiden. Om ekstra iepenstelling fan it bûtenbad mooglik te meitsjen, is oanfoljende personele ynset needsaaklik. Dizze ekstra ynset foarmet in útdaging neist de reguliere iepenstelling en swimlessen dy't jûn wurde yn dizze perioade, dêrby spilet ek de krappe arbeidsmerk in rol.

De swimbaden binne iepene neffens de reguliere iepeningstiden dy't jilde binnen de ferskate fazen fan it swimseizoen. By dizze reguliere iepeningstiden wie der gjin sprake fan persoanelstekoart. Fan it momint dat it heechseizoen úteinset (1 juny) wurde de iepeningstiden ferromme en wurdt oanfoljende personele ynset organisearre om dizze rommere iepenstelling mooglik te meitsjen.

Wol hat der ien middei west wêrop't oanfoljende ferromming fan de iepeningstiden foar de start fan it heechseizoen net mooglik wie. Dit hie te krijen mei de beskikbere personele ynset binnen it foarseizoen en de kombinaasje mei de reguliere aktiviteiten lykas swimlessen, doelgroep lessen en ferieningsgebrûk.

Yn de besteande ôfspraken mei bv SPORT wurdt by útsûnderlik waarme waarsomstannichheden dêr't mooglik sjoen wurdt nei oanfoljende iepenstelling of ferromming fan iepeningstiden. Dêrby wurdt

waarme dagen? Sa ja, kin it kolleezje fertelle hokfoar ôfspraken? Sa nee, is it kolleezje ree om wol ôfspraken mei bv SPORT te meitsjen sadat minsken wol genietsje kinne fan ús ienichste bûtenbad?

5. Is it kolleezje ree om maatregels te nimmen tsjin it personielstekoart sadat it bûtenbad op waarme dagen gewoan iepen kin? Sa nee, kin it kolleezje útlizze wêrom net?

troch bv SPORT hieltyd in ôfwaging makke tusken besikersferwachting, feiligens, personele ynset en beskikbere kapasiteit. De ynfolling fan de oanbelangjende ôfspraken is oan bv SPORT.

Nee, it kolleezje fynt oanfoljende maatregels net needsaaklik. Der is sprake fan dúdlike ôfspraken mei bv SPORT. Foar it ôfrûne waarme pinksterwykein hawwe se mei klam sjoen nei de mooglikheden om it bûtenbad ekstra iepen te stellen. Dêrby is de kar makke om beide pinksterdagen folslein iepen te wêzen foar besikers. Dêrneist ynvestearret bv SPORT continue yn it oplieden fan nij personiel en lifeguards, sadat de iepenstelling fan it bûtenbad konform de ôfspraken realisearre wurde kin.

Leeuwarden, 22 september 2026,

burgemeester en wethouders van Leeuwarden,

burgemeester.

secretaris.